

FNP
o.f. frou De Jong

Ljouwert, 31 oktober 2017
Ferstjoerd, 31 OKT. 2017

Ús merkteken : 01457901
Ôfd/Opjefte : Leefberens
Opsteld troch : Geke Walsma / (06) 52 79 89 36 of g.walsma@fryslan.frl
Jo merkteken : Skriftlike fragen oer húsdokters d.d. 10 oktober 2017
Taheakke(n) : --

Ûnderwerp : beäntwurdig skriftlike fragen oer husdokters

Achte frou De Jong,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 10 oktober 2017 beäntwurdzje wy as folgt.

Ynliedende taljochting

De provinsje hat op dit stuit gjin wetlike sizzenkip oer de sprieding fan soarchfoarsjennings, mar hat wol ferlet fan foldwaande sprieding fan soarchfoarsjennings foar de ynwenners fan Fryslân. Yn de eigen ynventarisasaasje, troch it kolleezje, fan de sprieding fan soarch en soarchfoarsjennings, kinne wy lêze dat (n.o.f. it sinjaal fan de húsdokters om by te dragen oan it promoaten fan Fryslân om foldwaande húsdokters yn Fryslân te hâlden) hja dat sinjaal útwurkje sille.

Vraag 1:

Hoe sjocht de útwurking fan dit sinjaal fan de húsdokters der konkreet út?

Antwoord vraag 1:

Wy hawwe petearen mei de FHV hân en op grûn fan dy petearen is der by in tal buro's in offerte útset om dy kampanje foarm te jaan.

Vraag 2:

Kin it kolleezje oanjaan hoe grut it tekoart oan húsdokters op dit stuit en yn de tichteby takomst is? Kinne jo benammen yngean op de aktuele situaasje fan de stêd Ljouwert, dêr't sprake is fan in grut tekoart?

Antwoord vraag 2:

Nee. ROS Fryslân is yn 'e mande mei de FHV dwaande om dit út te sykjen.

Vraag 3:

Hokker lobby nei de Twadde Keamer is konkreet ynsetten wat dizze matearje oanbelanget?

Antwoord vraag 3:

Der is gjin lobby útfierd.

Vraag 4:

Hokker rol kin de provinsje spylje om yn gearwurking mei it MCL in soarte fan arbeidsburo op te starten foar medisyn?

Antwoord vraag 4:

Der binne ferskate merkpartijen, lykas it UWV, de gemeenten, útstjoerburo's en detasjearingsburo's, dy't bestannen fan wurksykjenden ta harren foldwaan hawwe. Om dy reden binne der genôch ynstruminten dêr't gebrûk fan makke wurde kin.

Vraag 5:

De ôfdieling Noord Húsdokterskring Fryslân jout oan dat de provinsje Fryslân mear en better promoate kinne soe wat Fryslân's goud oanbelanget: wettersport, LF 2018, ensfh. Kin it kolleezje oanjaan hoe't hja dat oppakt en útwurket?

Antwoord vraag 5:

De provinsje hat de toeristyske promoasje fan Fryslân útbestege oan Merk Fryslân, dat neffens it beliedsbrieff "Gastvrijheidseconomie". Wat LF2018 oanbelanget is der ek in brede marketingkampanje opset om minsken te ferlieden om krekt yn 2018 (mar fansels ek dêrnei) nei Fryslân te kommen.

Vraag 6:

Kin it kolleezje oanjaan wat de mooglikheden binne op it mêd fan bestimmingsplannen en húsfêsting om mear húsdokters nei Fryslân te heljen?

Antwoord vraag 6:

As provinsje hawwe wy gjin rol wat bestimmingsplannen oanbelanget. It fêststellen fan in bestimmingsplan is in gemeentlike ferantwurdlikheid.

Vraag 7:

Kin it kolleezje oanjaan oft en yn hoefier't boppesteande problematyk ek foar medysk spesjalisten jildt? Mei oare wurden; kriget Fryslân ynkoarten ek te krijen mei in tekoart oan medysk spesjalisten? Sa ja: wat sil de provinsje dêr konkreet oan dwaan?


Antwoord vraag 7:

Zorgplein Noord, de wurkjouwersorganisaasje foar soarch en wolwêzen, jout oan dat der sinjalen binne dat Fryske sikehuzen mear muoite dwaan moatte om medysk spesjalisten oan te lûken. Dêr binne lykwols gjin konkrete sifers oer.

Fia de opjefte Wurkje mei Fryslân wurkje wy oan it fergrutsjen fan de wurkgelegenheid fan Fryslân yn brede sin. Fierder binne wy troch it projekt Seker & Sûn dwaande mei de soarchfraach yn 2030 en hokke kompetinsjes dat foar professionals en de boarger ferget.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,


drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma MBA MCM, sikretaris